

Sjonge yn tsjerklik Fryslân

De snaren fan ús siele binne ôfstimd op God.
en de ynderlike beroering fan dy snaren kin God hiel ticht by ús bringe.
Dat binne wurden fan pater Titus Brandsma út 1929.
En oft dy snaren no oanroerd wurde troch God sels of troch syn skepsels,
harren wjerklank wurdt dêr net oars fan.
Jo soenen ek sizze kinne:
'Oft dy snaren no oanroerd wurde troch God sels of troch in liet,
harren wjerklank wurdt dêr net oars fan.'
Mar, seit pater Titus derby, de kearn fan ús leauwige bestean
is no krekt net dy ôfstimming fan ús kant en de mooglikheden fan ús siele,
mar de beroering fan de oare kant, troch God.

De freugde fan it sjongen yn tsjerklik Fryslân is foar my dy ûnderfining,
dat de snaren fan de siele oanrekke wurde,
dat wy de beroering fan God bespeure.

Dat kin op ûneinich folle manieren en plakken en gearkomsten barre
yn in tsjerkegebou of wêr ek mar.
Yn de teology wurdt hjoed de dei praat fan blended worship, ferbinend fieren.
In ferbinend fieren, dêr't allerhande taal en foarm en minsken
byinoar komme meie - mikst wurde - iepen foar dat oanreitsjen troch God.

Ik wol sa mar ris wat lieten neame dy't my rekke hawwe:

- legere skoalle: God dy't alles makke LLL 162
- gospelkoarke: Morning has broken LB 216
- sindingsfeest Wynjewâld: Kear my net tsjin (fgl musical Ruth LB 787
- Amsterdam (fryske tsjinsten fan broer Trinus)
- Winsum: bondel mei fersyklieten (û.o. Fúgels yn 'e loftten HS 150
- Gelegenheidskoar dat Fryske lieten yntrodusearre (ú.o.)
 - God fan fier en hein ús Heit HS 117
 - Hear wês mei ús LB 416
- Arum-Kimswert (oare tiden, oare plakken, ien foet yn & ien foet
bûten tsjerke; lieten Slachtehiem en iepenlofttsjinst
molen Wytmarsum: û.o. Feilich yn Jezus' earmen LLL 125
en Top 2000 Amazing Grace LLL 142
- Europeeske Geastlik begelieders - moarnsgebed Nijkleaster LLL 23
Christ be our light & Servant song LB 1005 & HS 154

Bysûnder, dat der safolle lieten dy't ik de ôfrûne jierren meidroegen haw,
dat dy no yn al dy bondels steane.

Ik haw der alle fertrouwen yn dat dat proses fan lieten dy't minsken reitsje
trochgean sil, en dat it sjongen fan Fryske lieten ek trochgean sil.